

# Memoires fan in boer en aaisiker

FD d-6-13

## Memoires

troch Jaap Krol

**G**jalt de Groot is in echte fjildman. Neist bargeboer yn 'e Dongeradielen is dizze boeresoan ek in betûft aaisiker. Fierder is er ûnder oare mûner, einkoerflechter, rinner en FNP-man.

It lêste aai binne de memoires fan in mearsidich boer, dy't begjinne mei it ferfoljen fan in dream. De Groot seit nammentlik syn fêste baan op by in mingfoerfabryk en wurdt bargeboer yn de omkriten fan Holwert. In stap yn it djippe dus. Dat it buorkjen op de keale klaai dochs oars is as wenje (en aaisykje) yn de gersfjilden en wetterlannen

om Raerd hinne, makket de Groot al gau dúdlik: 'Myn erfaring troch de jierren hinne is dat jo mei bouboeren gjin ôfspraken meitsje kinne. Ik snap net hoe't it kin, mar se tinke allinne mar oan harsels. It sil der fanâlds wol ynfokt wêze' (side 27).

De striid om in sûn bedriuw op te bouwen en te behâlden is der ien mei it sprekwurdlige fallen en opstean. De dizige wetten út it fiere Den Haach of Brussel diktearje ommers it moderne boerebedriuw. Djiptepunt is de tongblierkrisis yn 2001, dy't de Groot hast letterlik de sikken ûntnimt: hy rekket oerspand, ferliest slompen jild en fynt úteinlik rêst yn it rinnen. Al

dy jierren is er trou bleaun oan aaisikersclub De Ald Hij fan Dearsum. In genoatskip eins, mei riten, brûken en ko-

Aaisykjen is in  
hast matematyske  
hobby yn it wide  
fjild

ades. Aaisykjen is in hast matematyske hobby yn it wide fjild, dy't lykwols dominearre wurdt troch allerhanne belangen, subsydzjes en in komplisearre regeljouwing.

De Groot skriuwt treffend oer dizze geheimsinnige wrâld dêr't ferskate bloedgroepen inoar betiden nei it libben stean. Tagelyk fyn ik dat de skriuwer syn heechstpersoanlike ûnderfinings net genôch ferheft ta in brede fisy op de plattelânsmatskippij fan hjoeddedei. No hoecht dat net fuort in totaalfisy te wêzen, mar de striid foar it behâld fan in agraryske kultuer en dito tradysjes heart by it komplekse globalisearingsproses dat alle boeren no ienris oangiet. De skriuwer syn oer-vaasjes bliuwe gewoan wat tefolle hingjen tusken nostalgy, de seiningen fan it libben fan in húshâlding en persoanlike moederaasje mei of krekt ran-

kune oer lju yn de agraryske sektor.

Fierders makket de Groot in opmerklike flater troch te stellen dat earne aaisikers yn de jierren tweintich en tritich in lytse hûnderttweintich gûne fertsjinnen, 'omrekkene ûngefear fyftich euro' (side 141). Twa ienfâldige klikjes op it ynternet leare dat 120 gûne hjoeddedei 2023,15 gûne wurdich wêze soe, oftewol 918.06 euro. Spikerhurde hannel dus.

**i** It lêste aai.  
Gjalt de Groot.  
Bornmeer,  
15 euro

